

# De Friezen Sjonge

114  
16

De Friezen sille sile, by stoarm en hurde wyn.  
Nimmen haldt se tsjin, de boat it wetter yn.  
De Friezen wolle farre, oer marren en de see.  
Mar as de wyn him deljout, dan fynst se yn't kafee.  
Mar as de wyn him deljout, dan fynst us yn't kafee.

De Friezen kinne keatse, by rein en sinneskyn.  
Nimmen haldt se tsjin, se moat it perk wer yn.  
De Friezen wolle keatse, in boppeslach allez!  
Mar is de kening keazen, dan fynst se yn't kafee.  
Mar is de kening keazen, dan fynst us yn't kafee.

## Refrein:

*Dan hearst de Friezen sjongen, dan hâld'se nea wer op, ↗  
It bûnzet yn'e ieren, de kolder yn'e kop. ↗  
Dan hearst de Friezen sjongen, dan davert it yn't rûn, ↗  
Se proaste op it libben, oan't yn'e lette jûn. ↗*

De Friezen sille ride, by kjeld en hurde wyn.  
Nimmen haldt se tsjin, by froast dan bin' se blyn.  
De Friezen wolle ride, oer marren en de see.  
Mar is it taaiwaar wurden, dan fynst se yn't kafee.  
Mar is it taaiwaar wurden, dan fynst us yn't kafee.

## Refrein:

De Friezen sille springe, by rein en sinneskyn.  
Nimmen haldt se tsjin, se wol' it fjild wer yn.  
De Friezen wolle ljepe, mei polsstok hupsakee.  
Mar as de sinne sakket, dan fynst se yn't kafee.  
Mar as de sinne sakket, dan fynst us yn't kafee.

## Refrein:

*Dan hearst de Friezen sjongen, dan hald'se nea wer op,  
It bûnzet yn'e ieren, de kolder yn'e kop.  
Dan hearst de Friezen sjongen, dan davert it yn't run,  
Se proaste op it libben, oan't yn'e lette jûn.*